



It is in nuvere tiid. Wat earder gewoan wie – nei de pjutte-opfang, boartsje mei oare bern, by pake en beppe op besite – dat kin no eefkes net. Ek Tomke fynt it mar frjemd dat hy net nei juf Klaske kin of eefkes by buorman Piter op 'e kofje. Yn dizze lesbrief foar thús fine jim in Tomke-ferhaaltsje, in ferske, in opsiferske, in kleurplaat en suggestjes om te boartsjen. Wy winskje jim in soad wille mei Tomke!



Foarlêze: Tomke-ferhaaltsje 'Achter it rût' fan Riemkje Pitstra

'Ik wol nei juf Klaske', seit Tomke.
'Ik bin al sa lang thús.'
'Dat kin net, Tomke', seit Kornelia.
'Der binne noch in hiel soad minsken siik.
Wy moatte net ek siik wurde.'
Ynienen giet it mobyltsje fan Kornelia.
De holle fan buorman Piter ferskynt op it skerm.
Buorman Piter wennet yn in grut hûs by
âlde pakes en beppes.
'Hoi buorman Piter!' ropt Tomke bliid.
'Sille wy anst op besite komme?'
'Wy meie gjin besite ha', suchtet buorman.
'Hjir wenje allegear âlde minsken.
Dy meie net siik wurde. Dat is gefaarlik.'
'Gelokkich ha wy de mobyl en de iPad', seit
Kornelia.

Tomke kliert wat mei Romke.
'Ik ha in pakje foar dy', seit Kornelia.
'Dan hoechst dy net te ferfelen.'
Yn it pakje sit lego om in auto te bouwen.
'O, wat moai!' ropt Tomke bliid.
Hy sjocht nei de doaze.
Hy tinkt oan buorman Piter.
Soe buorman Piter him no ek ferfele?
Hy kin gjin spultsjes dwaan mei Tomke.
Of nei it park gean yn de rolstoel.
Tomke pakt syn doaze lego.
Stikem slûpt er mei Romke nei bûten ta.

Eefkes letter steane se foar de glêzen doar
fan it grutte hûs.
Mar... de doar giet net iepen.
'Wat dogge jim hjir?' freget in famke.
'Wy ha in kadootsje foar buorman Piter.
Mar de doar is ticht', seit Tomke.
'Wachtsje mar eefkes', laket it famke.
Fuort is se al.
Dêr rydt in rolstoel nei de doar.
De doar giet stadich iepen.
Achter de rolstoel rint it famke.



'Buorman Piter!' ropt Tomke bliid.
Hy swaait en swaait.
'Wy ha in kadootsje', ropt er.
'Dan hoecht buorman him net te ferfelen.'
'Dat is geweldich', ropt buorman werom.
'Kom mar net tichterby. Dat mei net.'
It famke stapt nei bûten. Se seit:
'Sil ik it kadootsje oan buorman jaan?
Ik wurkje hjir.'
Buorman is hiel bliid mei de lego.
Hy stekt twa tommen yn 'e hichte.

De oare deis steane Kornelia, Romke en Tomke
foar de glêzen doar.
En wa sit dêr achter it glês? Buorman Piter.
En wat lit hy grutsk sjen? In hiele moaie auto
fan lego!



Prate oer it ferhaal

Praat oer it ferhaal. Understeande praatfragen
kinne dêrby helpe. Let op: de fragen kinne ek steld
wurde ûnder it lêzen. Dat kin helpe om it ferhaal
te begripen.

- Tomke wol nei juf Klaske. Wêrom kin dat net?
- De holle fan buorman Piter is op it skerm fan Kornelia har telefoan. Wêr is buorman Piter?
- Tomke wol op besite. Mei dat?
- Tomke krijt in pakje fan Kornelia. Wat sit dêryn?
- Wat docht Tomke mei de lego?

- Tomke hat in kadootsje foar buorman Piter. Wat sit der yn it kadootsje?
- Tomke mei it kadootsje sels net oan buorman Piter jaan. Wa docht dat foar him?
- Is buorman Piter bliid mei it kadootsje?
- Kornelia, Tomke en Romke meie net by buorman Piter yn 'e hûs komme, mar dochs kinne se inoar sjen. Hoe kin dat?
- Wat lit buorman Piter sjen oan Kornelia, Tomke en Romke?



Tekenje: In kleurplaat foar buorman Piter

Materiaal: By dizze lesbrief sit in kleurplaat.

Kleurje dy sa moai mooglik op en bring dy by pake, beppe, buorfrou of buorman (of in oarenien dy't jim graach tútsje of in krûpke bringe wolle). Lês it opsiferske. Praat deroer. Wêrom moat de doar stiif ticht bliuwe? Wa soene jim graach in tútsje en in krûpke bringe wolle? Wat is it jammer dat dat no net kin! Mar in tekening kinne jim wol bringe! Skriuw eventueel it opsiferske op de kleurplaat of de tekening.

*Ik wol dy graach in tútsje jaan
en eefkes mei dy krûpe.
mar de doar dy bliuwt stiif ticht
en ik bliuw op de stoepe.
Ik swaai nei dy achter it rût,
blaas dy in tútsje ta.
De krûpkjes dy bewarje ik;
dy meisto letter ha.*



Sjonge: 'Swaai, swaai' út Deuntsjes foar dy

Dit ferske stiet ek op Spotify. It is te finen yn de playlist 'Fryske berneferskes' by 'Deuntsjes foar dy'.

By pakes en beppes op besite, dat kin no eefkes net. Mar foar it rût of fia de telefoan nei inoar swaai kin wol!

*Swaai, swaai,
kotsje draai,
dûnsje as de bêste, hopsasa!
Stampe mei de fuotten, stap, stap, stap
Klappe yn 'e hannen, klap, klap, klap
Swaai, swaai,
kotsje draai,
dûnsje as de bêste, hopsasa!*



Sjong it ferske mei-inoar of lústerje dernei. Doch de bewegingen mei. Gean nei it rût fan pake, beppe, de buorfrou of buorman of fideo-belje mei harren. Sjong dit ferske en dûnsje mei. It kin net oars of jim fleurje harren hielendal op mei dit fleurige ferske.



Boartsje: bearejacht

Byinoar op besite mei no eefkes net. Mar in frisse noas helje mei wol. Rin tegearre in rûntsje troch de buert. Op sosjale media binne minsken oproppen om in bear foar it rût te setten. In hiel soad minsken hawwe dat ek dien. By jim yn de buert ek? Gean in blokje om en speur nei de bearen achter de ruten. Hoefolle bearen kinne jim fine?




Opsizze: Hannen waskje

Yn dizze tiid is it noch belangriker as oars om goed te hanwaskjen. In opsiferske kin dêrby helpe!

*Smoarge hannen?
Bytsje sjippe, kraantsje iepen,
hantsjes waskje, spetterspat!
Under, boppe, binnenkant,
fingers, tomkes, bûtenkant.
Kraantsje ticht, hantsjes drûgje
hantsjes skjin, dat is dat!*



En as jim wer thús binne, lêze jim fansels it printeboek 'Wy geane hjoed op bearejacht' fan Michael Rosen en Helen Oxenbury. Yn dat boek giet heit mei fjouwer bern op jacht nei in bear. Se binne net benaud en rinne dwers troch de blabze, in sniestoarm, in tsjuster bosk en noch folle mear. Mar dan komme se by it hoal fan de bear... Dit printeboek is hiel geskikt om lekker mei te bewegen!



Tips foar boeken


Kening & Kening – Linda de Haan & Stern Nijland

Keningsdei fiere wy yn 2020 net mei in grut feest. Mar lêze oer keningen kin wol! Yn dit boek giet de keninginne foar de kroanprins op syk nei in prinses om mei te trouwen. Mar net ien prinses is goed genôch. En dan komt prins Hearlik it paleis binnen.

Prinses Pompebledsje – Barbera de Ruiter

Noch in printeboek mei in keninklik rantsje. De kening en keninginne krije fan Fee Foekje in kado omdat se har holpen ha. In prachtige pearle dêr't in ferrassing yn sit. Mar de pearle wurdt stellen...

Wat soe deryn sitten ha? En wêr is de pearle bedarre?



It grutte Foarlêsboek II – Ferskate skriuwers en yllustratoaren

Foarlêze kin alle dagen, ek as wy de doar net út meie. It grutte Foarlêsboek II is in boek fol spannende, leave, gekke en fleurige ferhaaltsjes, gedichtsjes en ferskes oer alderhande ûnderwerpen. It is in boek om alle dagen út foar te lêzen.



It kadootsje – Mirjam van Houten

Famke wol mem graach in kadootsje jaan. Wêr soe se mem bliid mei meitsje kinne? Se wit wol wat. Se docht in hiel moai papierke om Hindrik de Hazze hinne. Strikje derom. Klear. Mar hat mem it wol oan tiid?



Wy geane hjoed op bearejacht – Michael Rosen en Helen Oxenbury

In moai boek om te lêzen foar of nei de 'echte bearejacht' yn jim doarp of stêd.




Mem, wat ite wy hjoed? – Berber van der Geest & Babs Wijnstra

Dy fraach sil elkenien fêst bekend foarkomme. Mem, wat ite wy hjoed? freget Rolf. Geheimke! laket mem. En dan sjongt mem in moai rymke. Kinsto riede watfoar bist der yn it rymke sit? Yn dit boek kinst meirykje mei mem en Rolf. En miskien kinne jim sels ek wol sa'n moai rymke betinke.



Alle boeken binne te krijen fia: websjop.afuk.frl



twinkl

